

Redaksjoneel

Op 28 july 2016 stie ik op it Drimon Festival yn Struga (yn Masedoanië). Yn in parkje op in kalme simmerjûn haw ik dêr yn it Ingelsk wat ferteld oer it Frysk en yn it Frysk in pear fan myn gedichten foardroegen. Letter op 'e jûn trede, ûnder deselde beammen en foar itselde publyk op noflike sitsekken oer, de Roemeenske dichter Denisa Duran (*1980) op. Se lies dêr gedichten foar út har bondel *Sunt încă tânără* ('Ik bin noch jong'), ûnderstipe fan byld en muzyk. Ik wie fuort ûnder de yndruk fan har ynholden foardracht. Grûneftich klinkend Roemeensk, dat mei syn doffe *î*'s en *ă*'s en syn ús suver fertroude opgeande twalûden *oa* en *ie*, in hoedener, yntimer lûd hat as it Masedoanysk. Yn har stim en har hâlding siet ûnder de foardracht sawol wat brekbers as wat krêftichs. Underwilens wiene efter har filmbylden te sjen, wêrop't de dichteres oer in ikker rûn, planten út 'e grûn skuorde, bleat op 'e fealbrune ierde lei. It giet oer swangerskip en oer de dea yn Denisa Duran har gedichten. Trije dêrfan lêze jo yn dit nije nûmer.

Dêrneist û.o. yn nûmer 3 fan 2017: in foarpublikaasje út de nije roman dêr't Jetske Bilker op dit stuit oan wurket; in fraachpetear mei Hein Jaap Hilarides oer syn roman *De trekker fan Troje*; oer de poëzij fan Johannes Bobrowski (1917-1965); besprekken fan Geart Tigchelaar syn *Bêste jonge*, en fan it troch Martsje de Jong oersetste klassike jongereinboek *De GFR*.

André R. Looijenga

- 3 Redaksjoneel
- 4 Geart Tigchelaar
de ropping
- Jetske Bilker
- 5 *Toskedoktersroman*
- 6-12 *Haadstik 12: Fjouwer hannen*
- Margreet de Jong
- 13 *by de toskedokter*
- 14-19 Johannes Bobrowski
Anruf
Oanrop
Dorf
Doarp
Gestorbene Sprache
Ferstoarne taal (oersetting: André Looijenga)
- 20-21 André Looijenga
Sarmatyske tiid en taal
- 22 Pier Boorsma
Daan de Groot

- 23-28 Renske van der Meer-Pasma
Bjustertastelik wurdboartsjen
- 29-30 Forina van der Zee
't Bêste
- 31 John Bosma
út gaos persys
- 32-34 Willem Winters
Goudfisk
- 35-37 Denisa Duran
Oantinkens hingje yn my / Amintirile atârnă în mine
Ik sljochtsje it grêf / Netezesc mormântul
Plat oer de grûn / Întinsă pe pământ (oersetting: Geart Tigchelaar en André Looijenga)
- 38-40 A.R. Looijenga
Autobahn nei Fuortsjefinne
- 41-43 Sigrid Kingma
Prachtige rúzjedialogen
- 44 Nadie Hania
Snipel leagens
- 45 Simone Galea
Moarnsiik (oersetting: Hein Jaap Hilarides)
- 46 Baukje Venema
Portret fan Hein Jaap Hilarides
- 47-54 Hedwig Terpstra
Friso Wassenaar syn Europeeske Odyssee
- 55 Joe Friggieri
Trappisten (oersetting: Hein Jaap Hilarides)